



Fakatuere

Foarsitter (M/F) Stichting Alde Fryske Tjerken

Stichting Alde Fryske Tsjerken (SAFT) siket in foarsitter mei bestjoerlike ûnderfining, dy't him/har ferbûn fielt mei de Fryske Mienskip en it kultuer-histoarysk erfgoed.

De foarsitter is ferantwurdlik foar de deistige lieding, oanstjoering, koördinaasje en de ûnderlinge taakferdieling fan it Algemiene Bestjoer (AB) en it Deistich Bestjoer (DB). De foarsitter foarmet mei de bestjoersleden in team dat troch kennis, ûnderfining, kontakten en optreden de missy en doelstellingen fan de stichting realisearje kin.

De beakens yn it Fryske lânskip biede in ynspirearjende en brede wurkomjouwing mei in grut en ferskaat netwurk fan minsken en organisaasjes. De stichting is it fangnet foar it libjend behear (behâld én gebrûk) fan histoarysk weardefolle tsjerkegebouwen yn Fryslân. It útdragen fan de fisy Histoaryske tsjerkegebouwen ferankerje yn de maatskippij, foarmet it sintrale doel fan it foarsitterskip.

As brêgebouwer en partner binnen de erfgoedmienskip leveret de stichting in belangrike en weardefolle bydrage oan de Fryske Mienskip. Om de belangstelling foar en it gebrûk fan tsjerken te befoarderjen, wurket de stichting gear mei ferskillende partijen. Yn gearwurking mei belutsen bestjoersleden, deskundige meiwurkers en in soad frijwilligers siket de stichting nei ferbining om de tsjerken wer it sintrale middelpunt wêze te litten, foar no en ús takomstige generaasjes.

De Stichting

De Stichting Alde Fryske Tsjerken hat as doel om histoaryske tsjerkegebouwen yn de provinsje Fryslân te behâlden en de belangstelling foar har skiednis en gebrûk fan dizze gebouwen te befoarderjen, as tsjerklike gemeenten dizze net langer ûnderhâlde kinne.

Op dit stuit besit de SAFT 55 tsjerken, 7 begraafplakken en 2 klokkestuollen. Guon tsjerken binne mear as acht iuwen âld. It behâld fan dit religieus histoarysk erfgoed foarmet in stevige útdaging, foaral yn gebieten mei befolkingsskrimp en fergrizing. De Fryske tsjerken binne net allinnich weardefolle histoaryske gebouwen, mar hawwe ek altyd tsjinne as moetingplakken foar de lokale mienskip.

De operasjonele taken fan de SAFT wurde útfierd fanút it kantoar yn Ljouwert troch in entûsjast team (5,5 fte) ûnder lieding fan de direkteur. Sy wurde stipe troch mear as 300 lokale frijwilligers dy't aktyf binne yn de "Pleatslike Kommisjes". Sy binne ferantwurdlik foar it gebrûk fan de tsjerken.

It AB is ferantwurdlik foar de SAFT en bestiet út bestjoerders mei ûnderfining yn ferskillende wurkgebieten en sektoaren. It DB en de direkteur binne ferantwurdlik foar de deistige gong fan saken. It DB bestiet út leden fan it AB, wêrûnder in foarsitter ad interim, sekretaris, skathâlder en twa leden. It AB stribbet nei in moderne en ferantwurde Governance en is dêrom fan doel om yn de neibye takomst stap foar stap oer te gean op in nije bestjoersstruktuer. Transparantens, yntegriteit, goede ferhâldingen en in positive mar ek krityske hâlding binne betingsten om mei elkoar de bedoelde prestaasjes en doelen te berikken.

Foar mear ynformaasje oer de stichting sjoch: www.aldefrysketsjerken.nl.



Funksjeprofyl foarsitter

Kompetinsjes:

- Belutsen en benei te kommen
- Goed en gau skeakelje kinne
- Kritysk op in konstruktive manier
- Ynteger en ûnôfhinklik
- Rjochte op gearwurking en kollegiaal
- Oertsjûgjend
- Iepen en kommunikatyf

Funksje-easken:

- Beskikt oer goede foarsittersfeardichheden
- Fielt him/har ferbûn mei de Fryske Mienskip
- Behearsket de Fryske taal goed, praten is in pree
- Is fleksibel en stressbestindich
- Hat bestjoerlike ûnderfining en politike sensitiviteit

Taakomscriuwing:

- Ferantwurdlik foar de gearstalling en it goed funksjonearjen fan it bestjoer
- Ferfollet in ferbinende rol binnen it bestjoer en hat de ferantwurdlikheid as bewekker fan sfear en kollegialiteit.
- Belutsen by kontakten mei fûnsen en subsydzjejouwers yn gearwurking mei de direkteur en fungearret as boechbyld fan de SAFT sa nedich
- Stelt de aginda fan bestjoersgearkomsten op yn oerlis mei it buro en de sekretaris
- Liedt gearkomsten fan it AB, DB en oare gremia binnen de SAFT
- Regelet de behanneling fan ûnderwerpen en foarstellen en leit dêroer ferantwurdling ôf yn betreffende gearkomsten
- Kin nommen besluten omsette yn adekwate aksjes
- Bewekket it trochgean en de kwaliteit fan bestjoerlike ûnderwerpen lykas fêstlein yn it beliedsplan fan de SAFT
- Ferantwurdlik foar it neilibjen fan de regelingen fêstlein yn Statuten fan de SAFT
- Stimt wurksumheden yn goede gearspraak ôf mei de direkteur en befoarderet in goede gearwurking tusken meiwurkers en it bestjoer

Utgongspunten

Gearkomsten wurde hâlden yn Ljouwert. Leden fan it AB en DB ûntfange gjin fergoeding foar har wurksumheden. De seleksjeproseduere wurdt útfierd troch in wervingskommisje besteande út leden fan it AB, DB en it buro. Kandidaten wurde útnûge foar petearen yn wike 13 en 14. De wervingskommisje sil in foardracht dwaan oan it Algemien Bestjoer.

Kontaktyinformaasje

As jo interresarre binne yn dizze funksje, ûntfangt de Wervingskommisje graach uterlik 19 maart 2023 jo CV en motivaasjebrief. Mail jo brief en CV nei de sekretaris fan de wervingskommisje mefrou R. van der Heide, rommie.vanderheide@frysketsjerken.nl. Foar fragen kinne jo telefoanysk kontakt opnimme mei de foarsitter fan de wervingskommisje de hear mr.J.C.F. Broekhuizen, tel.: 06-55858443.